

*Jan Post (2015)*

## Nieuw licht op de 17 Keuren.

## Vergelijking van zes teksten en een herdatering

Leeuwarden: Fondsen De Neitiid (Robinsonstrjitte 139, 8923 AN Ljouwert)

Rients Faber

Yn syn eigen styl en ûnder eigen behear hat Jan Post in boek útjûn oer de datearring fan 'e 17 Kêsten (Keuren), wetsteksten foar de rjochtspraak yn 'e Fryske midsiuwen. Post hat jierrenlang tige warber west yn it sammeljen en trochljochtsjen fan 'e midsiuwske oarkonden dy't mei Fryslân te krijen ha. Yn syn eardere boek, *Het kaartenhuis van de Friese wetenschap, een mythe ontmanteld, de gangbare dateringen van de oudste Friese wetsteksten getoetst* (2010), mei op in cd sa'n 120 teksten, lit er al sjen net benaud te wêzen om gâns in stik wurk op him te nimmen. Yn syn *Nieuw licht* rjochtet er him hiel spesifyk op 'e 17 Kêsten en komt er ta de konklúzje, dat de teksten folle jonger binne as oan no ta tocht is, in stelling, dêr't grif it lêste wurd noch net oer sein is. Om 'e lêzer in yndruk te jaan fan Jan Post syn betinken oer de 17 Kêsten, folget hjirûnder syn eigen Fryskskatalige gearfetting fan *Nieuw licht op de 17 Keuren. Vergelijking van zes teksten en een herdatering*:

'De 17 Kêsten binne gjin monolitysk en ûnoantaastber stik. Troch analyse blykt, dat de ferskate ferzjes nochal wat ôfwike. En wol sá slim, dat der mear ferskillen binne as oerienkomsten, en dat in mooglike basistekst sels net rekonstruearre wurde kin. Dat is lykwols net it iennige: it is net ien fan de auteurs oer dit ûnderwerp opfallen, dat it stik de 17 Kêsten gearfandele is út ferskate oare âlde stikken. Útsein dy iene ferwizing dan, op in plak dêr't men soks net sykje soe. It meast sprekking is de ûntliening fan de tredde keur oan de ûnderhannelingen fan de Friezen mei Albrecht fan Beieren. Dy is út 1399, de 17 Kêsten kinne dus net âlder wêze as dat jier, dêr blykt dus út, dat se feitlik tige jong binne. Der sit lykwols in noch lettere ferwizing yn: dat is de Noardmanne-kêst. Dy moat wol hast seker slaan op de Likedelers, dy't yn Norderland sieten, en dat bringt ús dan bij de foarskriften fan Focko Ukena yn syn eigen kêsten. As we dizze tekstarcheology tapasse op in echt archeologysk



ûnderwerp, dan brûke we dêrfoar de regel dy't by muntfynsten hantearre wurdt: In muntskat is net earder oan de grûn tabetroud, foar't de lêst sleine munt yn de ponge of it potsje dien waard. Dizze tekst is yn dy sin ek in muntfynst: it lêste stik bepaalt hoenear't de kolleksje bijmeoar brocht is en oan it pepier tabetroud. Nijsgjirrich is ek, dat no blykt, dat de asega en de frana gjin Fryske komôf hawwe, mar in Hollânske en in Súd-Dútske. It is miskien wol in aardich ûnderwerp, om ris te sjen hoe't en wêrom't de âldere auteurs oan de alfte iuw tochten en net oan de fyftjinde. Sa as ek út de analyse bliek, is der gjin standerttekst fan de 17 Kêsten, elk gebiet hat der syn eigen saken yn set en mooglik hat elke auteur der noch sines ta dien. Úteinliks is it net sa, dat de Kêsten en de Lânrojchten ta de troch Focko Ukena winske foarm fan in "groot en ferstandich" lânrjocht útgroeid binne. Men hat bij dizze nochal breklike en ûnfolleine wetjouwing in keunstgreep úthelle. Om't men dochs al stikken gearfandele hie, hat men dy doe opnaam yn in gruttere bondel: de saneamde "landencodexen". En dêrmei krigen de Fryske lannen, krekt as de "Rijksonmiddellijke" stêden yn it Dútske Ryk, harren eigen bondel fan rjochten dêr't hju harren mei ferdigenje koene tsjin oanspraken fan treden, troch in boek mei rjochten oer te lizzen, dêr't de earste stikken – sebeare witte we no – fan troch Karel de Grutte jûn wiene. De bokaal dy't men mei de 17 Kêsten miende te hawwen, it topstik fan wetjouwing foar syn tiid, is fan syn fuotstik fallen. It blykt in mei liem bijmeoar holden steal brokstikken te wêzen, dat bij kritysk ûndersyk samar útmekoar falt, en dat dan mei liem en diggels en al yn de sloppe ûndergrûn fertrape wurdt. Want it lei en leit oan de ûndergrûn, of, sa't men ek wol seit: de teoryfoarming fan en oer it ûndersyk. Soks makket in fersin fan trije oant fjouwer iuwen mooglik.'

↑





## Rients Faber en Dineke de Vos (2016)

### Dwalen door een familiearchief, rijkdom en verval tussen 1700 en 1850

Leeuwarden: De wylde tulp

Beart Oosterhaven

Us meiredakteur Rients Faber, dy't earder in artikel oer de dûmnysfamylje Wesselius yn *It Beaken* publisearre (Faber, R.A., 'De Wesselii: in Fryske dominysfamylje yn 'e Republyk. Yn: *It Beaken* 66, 2004, nû. 3/4, s. 200-239), hat him fierder mei datsoarte fan yntellektuele fermiddens dwaande hâlden yn in nij boek, dêr't syn frou, Dineke de Vos, ek oan meiwurke hat. It boek spilet dan wol bûten Fryslân, mar de hiele kultuer dy't Faber en De Vos beskriuwe hat genôch parallelle relevânsje om foar Fryske leafhawwers fan kultuerskiednis fan belang te wêzen. Hjirûnder folget de (ferfryske) omslachte tekst fan it boek:

'It boek *Dwalen door een familiearchief* is in speurtocht troch in argyf mei in klopjend hert yn 'e 18<sup>de</sup> iuw. Yn it fermidden fan reginten, keaplju en learden kaam it natoerwittenskiplike en ferljochte tinken ta ûntjouwing. De oerlevering fan it argyf is anneks mei de tsjinrampen dy't Christiaan Paulus de Vos (1781-1857) troffen. Stammem Aminetta Barnewall klattere al yn 1706 foar it ûnterjochte finzennimmen fan har heit op 'e barrikaden. Yn dit boek wurdt it mystearje Dobbrauski oplost. Fan 'e Amsterdamske keapman Christiaan Paulus Meijer docht bliken, dat er in *mercator savant* mei in *museum naturalis* en in grutte bibleteek is. Fierder is der de keunstsamler Dionis Muilman. De Ynjegonger mr. E.H. Beynon hat ek in bibleteek én in kolleksje blêdmuzyk en muzykynstruminten.

Josine Helmcke waard troch har broer frege om in piano forte nei Ynje te stjoeren. Har oare talintearre broer die bliken in foaroansteand patriot en fergetten dichter te wêzen, dy't al yn 1790 de toan fan 'e romantyk oansloech. De yn mear as ien sile makke natuerkundige Christiaan Paulus Schacht wie in stúdzjefreon fan A.C.W. Staring. De slepende kwestje fan 'e boelskieding C.P. Meier krige professor J.Th. Rossijn grize hierren fan. Koartsein: in boek dat it fertsjinnet om lêzen te wurden en dat lêst as in roman oer foarby tiden.'

↑

